

OM MY HINNE

STEVEN STERK

OM MY HINNE

TOLVE FERHALEN

BORNMEER

ERVEN RINK / MARKTZICHT

TONGERSDEITEMOARNS kamen wy gear yn kafee Marktzicht yn Drachten. Rink libbe noch en dat wie de reden dat Thom en ik oanskoden. De troch ús heechachte grutte Fryske skriuwer Rink van der Velde plichte eltse wike dêr te kommen foar in petear of om gewoanwei in Belgysk bier of wat oars del te drinken. Yn dat romrofte kafee, dêr't Sybe van der Molen en letter syn soan Ronald bier en slokjes tapen, die er gâns ferhalen op. Dy ferhalen fine jo werom yn ferskate bondelingen, de moaisten neffens my yn *Ien foar it ôfwennen* en *Stjerrende wier, heite!* Oer al dy moarnsskoften mei brike setten en nuvere ferhalen, wêroer aanst mear, hie Rink noch wol in bondel folskriuwe kinnen.

Wy skriuwe sa'n bytsje hjerst 2000. De kearen dat wy dêr mei Rink sitten hawwe, binne net folle. Hy wie doe al slim efter de pûst, feroarsake troch it smoken fan pûden swiere sjek en hy stoar yn febrewaris 2001 mei — sa't syn frou Mineke my letter fertelde — de brânende peuk noch tusken de fingers. Ta eare fan him ha wy de tongersdeitemoarns trochset en yn dat

gearwêzen groeide in groep minsken út ferskate libbenshoe-ken en -hernen. Tusken de âldste en jongste siet in leeftyds-ferskil fan hast twa generaasjes. God, wat ha wy in wille hân op dy dagen. De iennichste oerienkomst fan dit espeltsje hea-ren wie de nocht oan ûnnocht.

De ploech fan acht ûntstie organysk, sa't dat hjoeddedei sa moai hjit en der miste noait ien. No sieten der op ton-gersdeitemoarns fansels mear lju yn it kafee, it wie merkdei yn Drachten. It kafee hiet net om 'e nocht Marktzicht. De kroech-baas sette om de oere ôf mei in stekkarre fol kofjeguod om de merklju te skewielen. Oan de taap hongen mear as tweintich minsken, mar sûnder dat der ea in wurd oer sprutsen is, kaam der in gearhing yn dy wûnderlike groep dy't ik, as ynliding op de kommende foarstellings, yn ansiënniteit oan jimme presintearje sil.

Roel Nijboer, akteur. Roel wie doe hast tachtich, mar dat soest him net jaan. Yn foarkommen in hear, al wie it in ûn-dogenskenien. Unberisplik klaaid, it sulverswarte hier kreas kjimd. Oan in part fan de manlju sit gjin frouljusfleis, mar oan Roel siet faaks wat tefolle. Of om it yn moai Fryskeigen te sizzen: hy hat him net mei pisjen fersliten. *Joi de vivre*. Mei syn sonoare stim en goede diksje koe er de froulju gau yn 'e besnijing krije. Roel spuide net yn in slokje. Dat dienen wy allegear net, op de jongste nei, dy't sei dat er it as jongfeint mâl genôch dien hie. Dat koenen lykwols mear fan ús sizze, mar foar in kastlein wie dat wol ferstannich. Roel wie, om him wat better út te tekenjen, in dramatysk akteur. Grutte bewe-gingen, net tefolle subtiliteiten, gjin 'lyts' aktearjen. Miskien in restant fan it âlde aktearjen út 'e tiid dat it publyk sûnder lûdfersterking achtern de seal ek wat meikrije moast. Roel fertelde in kear dat er al syn Fryske boeken — dêr't er te min foar krije koe by de twaddehânsboekopkeaper — yn twa jis-kepûden op de boat meinaam hie en op de Wide Ie oan it wet-

ter offere hie. Sa'n man. As akteur waard er by de Noordercompagnie in grutte namme, wurke mei Rutger Hauer en stie letter lanlik op 'e planken, ûnder oaren mei Luc Lutz.

Jan Kroes, âld-Ljouwerterkrantesjoernalist. Marktzicht wie Jan syn húskeamer, hy kaam der moarns en kaam der middeis en Ronald de kroechbaas soarge derfoar dat er net tefolle Joustra krige, al krige er genôch. Jan spriek net op. De tsjinpoal fan Roel yn minsklik opsicht en dêrom koenen se hiel goed, tink ik. Nei it earste kofjedrinken setten de beide mannen har oan de tafel om te damjen. As Jan oan syn taks siet, frege er meast 'Wa kin no noch in wein hea oploegje?'. 'Ik moat hjir wei', sei er eefkes letter tsjin de kastlein, dy't steefêst glimkjend antwurde: 'Wy moatte allegear in kear hjir wei, Jan'.

Thom Mercuur, *godfather* fan de keunst yn Fryslân. Freon fan Rink, ik siet njonken him yn it gemaal doe't er de deads-tynge krige fan Rink. Thom hie in soad mei Fryslân, yn elts opsicht en wie wiis mei Rink, al freegje ik my ôf oft hy wolris wat fan him lêzen hat. Hy wie mear fan de plaatsjes as fan de tekst, sa't er letter tsjin my sei. Thom wie Fryske as er wêze woe, mar prate mei syn Frysktalige frou Nederlânsk tsjin de bern. In oe sa nijsgjirrich en oe sa'n kompleks persoan. Ek ynysjator fan de foarstellings dy't folgje.

Johan van Aken, keunstner en âld-apteker. Johan wie ien fan dy lytse nijsgjirrige keunstners, dêr't Fryslân ryk oan is. Johan foege altyd in oare ynfalshoeke ta oan it petear, as dat no logysk wie of net, nijsgjirrich wie it al. Johan hie wat alternatyfs oer him, faaks kaam dat troch de ferkeap fan fiedingssupplementen, dêr't hy ien fan de earsten mei wie.

Jouke Klunder, amtner. Jouke wie de stilste fan it ploechje. Hy harke, seach it hear oer, mar dan ynienen kaam hy fanwegen mei in opmerking dy't wurke as in humoristyske mokerlach. Hy koe as gjin oar stikelje yn de Fryske wizânsje: net

misledigjend, mar skerp en myld tagelyk. Grif hie er de hiele wike al neitocht oer formulearrings en hoe dy te bringen.

Gurbe Douwstra, sjoernalist. Trûbadoer wie Gurbe doe noch net. Gurbe koe elkenien oanstekke mei syn nokkerjend laitsjen en koe it ynhâldlik peil in gisel jaan as it praat wat lêbich waard.

Steven Sterk, keapman yn boeken. Ik haw besocht om trie yn ús selskip te hâlden, dat is net altyd slagge. Ik hie doe noch myn bedriuw yn Utert, mar bin tongersdeitemoarns wolris hinne en wer riden fan Utert nei Drachten om de sessy net te missen. Ik koe Rink doe al in fyftjin jier. Begjin jierren tachtich hie ik him alris yn syn wenplak De Wylgen ynterviewd en dêr wie er wakker tefreden oer. Ik trof him wol as er fûken lichte op De Feenhoop (Rink syn stavering) en wy in praatsje makken oer de hage, of better sein oer de feart. In hiel soad persoanlik kontakt ha wy net hân, mar yn ien fan syn boeken dêr't ik inkelde Feanhopers yn werken, komt ek in Steffen Sterk foar. Ik haw him dêr spitigernôch noait nei frege.

Ronald van der Molen, kastlein. De iennichste dy't oan de ferkearde kant fan de taap stie, de boel somtiden yn'e stringen hâlde, mar ek hiel goed oanfiterje koe troch it taapjen fan ien sterk understatement. De erfaren kroechbaas dy't krekt wist hoe't in klant betelle. Stie de klant de sinten op de taapkast út te tellen, dan hie Ronald it wikseljild al op 'e taap lizzen. Sa'k sei, de iennichste dy't gjin drank brûkte.

Ik pleitsje al jierren foar regionaal antropologysk ûndersyk. Jo hoege net djip Kongo yn om ûndersyk te dwaan. Dat kin hjir yn Fryslân hiel goed mei alle histoarje en ferskillen, dat koe ek hiel goed yn Marktzicht. Miskien moatte prefes- ters wat faker ferplicht tiid yn in Frysk kafee trochbringe, de studinten wolle wol.

In taal is net inkeld wurden, taal is ek in diasearje. Taal is ferbûn mei bylden, ferline, emoasje. By it wurd oranje-

koek sjogge jo net in inkeld gebak foar jo, mar ek jierdeis mei smaaklike petearen. Hea is drûch gers mei swietrook, mar jo kinne ek tinke oan it ynheljen fan it hea, de sfear, it heamiel of geiend achter in jongfaam oan om nodzjend yn de heabulte te bedarjen. Jo kinne mei in taalkursus hiel goed Frysk leare en gâns better wurde as in soad Omrop Fryslânpraters (wat net in drege opjefte is), mar elkoar begripe is wat oars. Jo kinne mei in rêchsek sosjale yntelliginsje noch in hiel ein komme, mar dochs. Fryske dialogen, mei understatements, skerp en prippend, binne foer foar in proefskrift. Ik giet net inkeld om de wurden, de foarm, mar ek om de ynterpunksje, de timing, de stiltes. Wêr fine jo dy moaie skerpe petearen dy't faak einigje yn laits? Krekt, yn it kafee dêr't ryk en earm, jong en âld byelkoar komme. Wa hat dêr as amateur histoarikus-antropolooch oer skrean? Krekt, Rink van der Velde. Syn iere ferhalen heine dat besûndere, de skerpste, dy Fryske dialogen. Ik kin gjin oare skriuwer dy't sa goed is yn Fryske twaspraken as Rink van der Velde.

Opnames fan ús gearwêzen binne der net en, al hoe bot ik ek geniete haw, faak bolderjend fan it laitsjen, der binne gjin notysjes makke. It wie alle kearen in libbene, spontane kabaretsjo. Thom begûn bygelyks mei in ferhaal of mei in kommentaar dêr't oaren har sizzen op dienen, stikelstekkend, pleagjend sûnder dat it ea wreed waard. Troch dat prippend fertellen wurde jo hifke. Wat kin ien hawwe, hoe byt ien werom? It Frysk sit hjir net inkeld yn it idioom — al tochten wy dêr ek om — mar krekt yn de stiltes, de punten en komma's, yn dat wat him min beskriuwe lit. Yn dat stikelstekken, yn dy grap sit, hoe ûndogensk de pleagerij ek, in foarm fan leafde, fan: ik mei dy wol lije. It iennichste dat ik dwaan kin, is ferhelje fan wat oerbleaun is yn it ûnthâld.

De ploech waard aloan hechter troch in pear útstapkes. Op Rink syn stjerdei yn 2002 brochten we in besite oan de

terp fan Wetsens, dêr't hy leit mei prachtich útsicht op de neakene klaai. Wy offeren in slokje by it grêf en namen sels ek ien. Wy hienen op adfys fan Jan Kroes al even oanstutsen yn in kafee yn Dokkum, want in reis nei it rêstplak fan dizze skriuwer sûnder oan te stekken soe mei weromwurkjende krêft in mislediging wêze. Nei de seremoanje op 'e terp stieken wy op adfys fan Thom oan yn de Trynwâlden, mar dy lokaasje wie al oanpast oan de moderne tiid, dat dêr hoechden wy neitiid net mear hinne.

De wûnderlikste reizen wienen nei Frankryk, mar dat komt letter. Ien oare lytse reis stiet my by, ien dy't nei Swifterbant gong. It wie om krysttiid hinne en Roel hie op syn tachichste dêr ferkearing opdien. Mei grutskens ferhelle er ús dat er ferloofd wie en wy, as freoneploech Erven Rink, moasten by him komme yn harren nije stee, in kreaze nijbouwente yn Swifterbant.

Wêrom't wy oan dat fersyk foldienen is in fraach, want net ien fan ús wie fan offisjele besites, in elk fan ús hie wat anargistysk oer him. Roel sil wol oanhâlden hawwe as storein en grif ha wy net wegerje doard. Wy hienen ôfpraat dat wy de moarns him en har de eare bringe soenen, om healwei tsienen hinne, ús gewoane tiid sille wy mar sizze. It wie in snein en acht man sterk sylden wy ta de doar yn fan it kreaze boargershûs, dêr yn de keale polder. Roel wachte ús grutsk op en wy stapten ta de doar yn, dêr't de doarmatte eltse kear it bliken 'hohoho' fan de Amerikaanske krystman hearre liet. Miskien hienen wy doe omkeare moatten.

Wy fûstken freonlik mei Roel syn nije frou, dy't ek in freondinne útnûge hie. Letter oan tafel waard sy njonken Jan Kroes skikt. Mei alle goede koppelbedoelingen fan Roel en syn wiif makke dat Jan wat balstjurrich.

'Wa wol der kofje', frege Roel, dy't better witte kinnen hie.

Wy meunsteren elkoar, it wie dan wol gjin tongersdeitemoarn, mar dit wie dochs wol nuver. Binnen fiif minuten hie elk in romer Joustra yn 'e hannen, op Ronald nei, dy sil as treast wol kofje naam hawwe. De tafel stie grôtfol mei iten: krintebôle, gewoane bôle, salm, sâlte en soere hjerrings, fleisguod, sop en wy fregen ús ôf wat der fan ús ferwachte waard. Jawis, se hienen foar de hiele dei op ús rekkene, wylst wy gâns in koarter skoft yn 'e holle hienen. Wy gysgobben en gnysken wat, wisten net rjocht hoe no fierder. Hawar, nei in twadde slokje waard de sfear wat losser en by it tredde ferdwûn de dwersens net, mar der kaam wol wat myldens oer ús hinne. It slagge frou Roel en Roel by 't eintsjebeslút om ús oan de grutte tafel te krijen, dêr't al de rynskens ús talake. Wy namen in glês wyn dêrta, want dat heart sa by in goed miel. Wy skepten hiel hoflik iten op it board en bearden omraak oer hoe bêst en lekker as it wol net wie. Tiid foar taspraken, teminste, troch Roel. In Nederlânske taspraak — dêr koe hju ek neat oan dwaan — yn ús oe sa Frysktalich fermidden makke de sfear allinnich mar wat ûngemakliker. En it wie o sa goed bedoeld, Roel wie wiis mei dit ploechje. Mei syn teatrale wize fan fertellen die Roel te witten fan harren tagedienens en dat sy besletten hienen de lapen gear te smiten troch middel fan de ferloving. Applaus.

Harren âlde trouringen hienen se omrane litten ta nije en fan it jild dat oerbleau hienen se foar ús elk in moai stielen pinne kocht mei dêryn harren beide nammen gravearre. Dy krigen wy fan harren as oantinken oan dizze feestlike dei.

It foel stil. Ferbjustere troch de boargerlikheid? Jan Kroes ferbriek it swijen en sei — tsjuttend op it omranen fan de ringen — drûch: 'Moai goedkeap, tink?'

Wy laken allegear fan ferromming, Roel brocht de fertaling oer oan syn oarehelte, dy't it of net begriep of wol begriep, mar al wat sneu seach. Wy skepten beleefd noch wat

op en tapen noch in glês wyn. Ik leau dat Thom begûn mei te sizzen dat er helaas fan 'e middei nei de galery moast en de oaren hienen dêrnei ek allegear drokten. Frij hastich en de lju — ynklusyf freondinne dy't grif oare ferwachtingen hie — feralterearre achterlittend mei in berch iten dêr't se har yn in wike noch net trochhinne frette koenen, stapten wy yn de auto.

'Ik sil jim ien ding sizze', sei Thom hymjend fan opluchting, 'ik doch dit noait wer'. Wy swijden, en knikten.